

Oan de rju learde frou

Prof. Dr. A. Feitsma

Ljouwert, nov. 2014

Bêste Tony,

Dat is in frjemd idee om dy in brief te skriuwen dy't nea op it goede adres oankomme sil. Hawar, de beide froulju fan dyn fûns hawwe dat sa freonlik frege, dat ik weagje my der mar oan.

It is al gâns jierren lyn dat wy elkoar foar it earst moeten, earne ein fyftiger, begjin sechstiger jierren. Dat wie op in sneinoer fan de KFJ [Kristlik Fryske Jongerein] op Stania State. Dy byienkomsten hiene wy geregeldwei, dêr't wy elkoar oanfiteren om it Frysk goed te brûken en dêr't wy aksjes en aktiviteiten betochten om dat Frysk ek by de Friezen sels wat mear eigen te meitsjen. Yn de simmer wiene der de boekekampen dêr't wy as echte boeksutelders it Fryske boek ûnder de minsken besochten te krijen. En winters wiene der neist it produsearjen fan nijjierskaarten troch Fryske keunstners dan dy sneinenoer. Fansels wiene dêr sprekkers om ús ta datsoarte saken ta te rissen. Sa hawwe wy E.B. Folkertsma ris in kear op ús fêste plak Stania State hân, dy't doe yn in kabaretttekst fan Trinus Riemersma it presidintskip fan Fryslân ta tocht waard mei de kreet: 'Ja, wy wolle Folkertsma, Folketsma, Folkertsma as presidint!' En fansels moasten wy dy ek ris hawwe. Ferskate fan ús wisten fan dyn krityske lûden op gearkomsten yn it ramt fan de Fryske beweging. En eins allegear koene wy de fruchten fan dyn pinne dy't like kritysk de (Fryske) wrâld beseagen. Sa'n sprekker noegen wy graach út as krityske jongerein dy't wol graach ris tsjin it Fryske establishment fan dy dagen oanskoppe mochten.

It wurd koesto goed sprekke en der folge ek hiel wat diskusje. It ûnderwerp fan dy kears kin ik my net mear yn it sin bringe, mar wol dyn skouwens, doest dêr mei ús oernachtsje moast. In auto hiest doe noch net en de lêste bus wie al lang fuort. Eins moasten wy as fammen dy't dêr mei elkoar op slipeal sliepen, wol in bytsje laitsje, doest sa omsichtich mooglik dyn bêd op ús mienskiplike slipeal opsochtst. Aparte keamers foar sprekker-gasten wiene der doe noch net. Mar earlik sein, Tony, it begrutte ús ek wol in bytsje. Dat silst wol net sa aardich fine, mar wy tochten: Dat is no dyselde frou dy't it sa moai en skerp opsizze kin. No ja, soks is fansels goed foar it relativearjend fermogen fan in minske. Sels dêryn hast ús in les leard.

Op in bepaald momint hiest wol sels in auto. Doe wistest dêr fuortendaliks ek alles fan, dat koe net misse. Dat kaam dúdlik út yn dyn oanwizings ast by ien yn 'e auto sietst. Ien kear oerkaam my dat doest mei my meiridest fan de VU ôf, dêr't doe noch in fakgroep Frysk wie. Ek doe koest it net litte om kommintaar te leverjen: 'Dat wie de wite streep dêrst even oer hinne giest. Heart net sa fansels!' Ik hear it dy noch sizzen.

Yn dy KFJ-tiid, mar ek dêrnei troch myn wurk by de Fryske Akademy troffen wy elkoar fansels geregeldwei. As wy moarns foar in bakje kofje nei de keuken giene, hearden wy bytiden al op de trep datsto dêr ek sietst. Dyn skatterjen en lûde kommintaar wie dúdlik te hearren! Dat wie op gearkomsten fan benammen it taalkundich wurkferbân en op filologekongressen lyksa it gefal, dat koe net misse. In diskusje krige troch dyn bydragen dêroan faak wol in pikant rântsjje.

En dan wie der de tiid dêr by de Vrije Universiteit, dêr't ik twa kear in semester wurke. Doe learde ik dy wer fan in hiele oare kant kennen, mei de soarch foar studinten en kollega's. Spitigernôch waard it Frysk ôfstjitten, hoesto der ek foar fochten hiest om it fak te behâlden. By it ôfskie-itentsje krigen wy allegear de betinkingsmunt fan Winaam, dy't doe krekt útkommen wie, fan dy krigen as oantinken oan dy moaie tiid. De âlde spreuk op dy munt: 'Salang't de wyn fan de wolken waait en de wrâld stiet', joech yn it koart dyn idealen wer.

Dat wiene sa wat oantinkens dy't ik dy dochs noch even berjochtsje woe.

Hertlike groetnis,

Jant van der Weg-Laverman